US WURK LIX (2010), p. 185

[1352 Op it mêd 2010 3-4]

Nils Århammar, 'sü måål as en meelen "so wütend wie eine Windmühle". Phraseologische Vergleiche vom Typ Adj. + wie + Nomen im Sinnbereich des Zorns (mit besonderer Berücksichtigung der germanischen Dialekte)'. Yn: Csaba Földes (útj.), Phraseologie disziplinär und interdisziplinär. Tübingen (2009), Gunter Narr Verlag, 55-70.

Århammar ûndersiket hjir ferlykjende siswizen op it mêd fan lulkens, benammen yn de Germaanske talen. Hy hat binnen it mal fan "sa lulk as in ..." wol in hûndert begripen fûn dêr't de lulkens mei ferlike wurde kin. It populêrst binne dêrby gefaarlike bisten, mar ek benearjende dingen as fjoer of de yn 'e titel neamde mûne komme yn 'e beneaming. Yn 'e ynliedende paragrafen wurket er syn metoade út. Benammen wiidweidige dialektwurdboeken binne in goede boarne, en it WFT krijt in ekstra fear yn it gat omdat dat de siswize konsekwint ûnder beide eleminten fan 'e ferliking behannelet, wat ditsoarte fan ûndersikings goed fierder helpe kin.

(siebren dyk)

Taal en Tongval 61 (2009), jefte 1.

Yn dit nûmer steane twa stikken fan direkt belang foar de frisistyk. Bouke Slofstra, Eric Hoekstra & Arjen Versloot ûndersykje yn "Een voorbeeld van gecamoufleerde taalbeïnvloeding: samenstellingsvormen van sjwa-substantieven in het Fries" (s. 21-44) it al of net foarkommen fan in sjwa tusen de beide dielen fan in nominale gearsetting, lykas bygelyks yn *hûn-e-hok*. It docht bliken dat it foarkommen fan dy tusken-*e* ôfhinklik is fan 'e foarm fan it earste lid. Der binne yn prinsipe trije mooglikheden: it earste lid giet fan himsels út op in sjwa (byg. *skoalle*), of net (*hûn*), of beide binne mooglik, as yn *mis(se)*. Der is in tendins om de foarm fan it grûnwurd yn 'e gearsetting te hanthavenjen, mar mear as in tendins is dat ek net. Sa ha jo dus wol *hûnehok* njonken *hûn*, en ek *skoalplein* njonken *skoalle*. Der spilet hjir oars, ek wer as tendins, Hollânske ynfloed mei. De tusken-*e* ûntbrekt navenant faker as it earste lid (hast) idintyk is oan de Hollânske wjergader (*planke-plank*) of der frijwat op liket (*brêge-brug*), en as dy Hollânske wjergader gjin einichste sjwa hat. Dêrfoaroer is de sjwa frijwat resistint by wurden dy't gjin direkte Hollânske tsjinhinger ha, lykas *bûse* of *sûpe*. De útkomsten komme nei foaren op grûn fan in statistysk ûndersyk nei lemma-foarmen yn it hânwurdboek fan Zantema (1984). In kontrôleûndersyk nei resinte Fryske teksten op it ynternet jout noch folle sprek-

kender resultaten. De Hollânske ynfloed is nammers net allinne te sjen by de gearsettings, mar ek al by de grûnwurden. De einichste sjwa is by grûnwurden dy't op it Nederlânsk lykje earder opsjoneel as by wurden mei in eigen Fryske foarm, dêr't er earder fêst is.

Yn dit nûmer ek in besprekartikel fan Pieter van Reenen nei oanlieding fan Arjen Versloot syn proefskrift *Mechanisms of language change* fan 2008. Van Reenen is wakker te sprekken oer it boek, mar hat ek punten fan krityk. Neffens him hie de lokalisearring en it tellen fan 'e oarkonden wol eksakter kind, en oangeande de statistyske ynstruminten giet er yn pleit foar Fisher Exact iensidich en tsjin 'e troch Versloot hantearre X^2.

(siebren dyk)

Koen Zondag, Lange oanrin, koarte sprong. Annotearre bibliografy oer it twatalich ûnderwiis yn Fryslân yn de jierren 1945-1970, mei in ynlieding. Ljouwert (2009), CEDIN & Tresoar. As pdf del te laden op: http://images . tresoar.nl/download/zondag-biblio. pdf.

In nuttige en moaie publikaasje, dit "boek", dat inkeld op it ynternet ferskynd is. Nuttich sa't in bibliografy altyd nuttich is. Dy beslacht hjir alle innen en oanen yn ferbân mei it twatalich ûnderwiis. It begjinjier 1945 is keazen omdat doe yn 'e praktyk foar it earst wurk makke wurde koe fan 'e wet Slotemaker de Bruïne (1937). It einjier is 1970 wurden omdat neffens gearstaller Koen Zondag it twatalich ûnderwiis de fuotten doe ûnder it gat krigen hie, der boppedat tagelyk allegearre feroarings oan stiene te kommen, mar ek omdat hysels doe in aktive rolle op it oanbelangjende mêd begûn te spyljen. De mânske bibliografy beslacht de siden 94-236. Hy is kroanologysk oardere neffens jier fan ferskinen. Dêrbinnen is in trijedieling oanholden neffens soarte fan medium: boek - tydskrift - krante. Dat lêste jout al oan dat de lytste sketen ek meinommen binne, mar sa krije jo fansels wol hiel moai it sicht op maatskiplike diskusjes. Binnen dy trijedieling is de oardering alfabetysk op auteur. It giet om in annotearre bibliografy: elke titel is foarsjoen fan in koarte gearfetting. Foar safier fan tapassing is by de besprutsen publikaasje ek hyltyd de korrespondearjende synjatuer fan Tresoar set, wat ûndersikers in soad tiid skele kin. Spitigernôch befettet it boek gjin register, sadat jo bygelyks net fierder op ûnderwerp of auteur sykje kinne. Dat lêste wurdt nammers foar in part wol wer goed makke troch de mânske en goed lêsbere ynlieding fan goed tachtich siden lang. Dy hat bygelyks ek in haadstik oer de wichtichste haadrolspilers. Fierders binne der haadstikken oer learmiddels, de opliedingsskoallen en de twatalige skoallen sels: alle oanbelangjende doarpen krije apart it omtinken. De skiednis fan 'e ynfiering fan 'e twatalige skoalle yn syn algemienens wurdt wiidweidich beskreaun yn haadstik ien (s.10-43). De toan yn it

neiskôgjende útliedende haadstikje is oars net frij fan mismoedigens.

(siebren dyk)

Han Nijdam, 'Klinkende munten en klinkende botsplinters in de Oudfriese rechtsteksten: continuïteit, discontinuïteit, intertekstualiteit', De Vrije Fries 89 (2009), 45-66.

Yn ferskate Aldwesterlauwerskfryske boeteregisters, mar ek al yn de folle âldere Lex Frisionum, komt in wol hiel bysûnder rjochtsgebrûk foar: betingst foar it kompinsearjen fan losrekke bonkesplinters (en wol fan de harsenpanne) is dat op in beskate ôfstân te hearren wêze moat dat se yn in skyld of metalen bekken smiten wurde. Neffens Nijdam is de kontinuïteit fan dizze argayske en boppedat ek noch fraudegefoelige proseduere in gefolch fan de tekstuele relaasje tusken de klinkende bonkesplinters fan de boeteregisters en de klinkende munten fan de *huslotha*, in oan de Frankyske kening as tsjinprestaasje foar de frijheidsferliening te beteljen belesting, dy't ek yn in skyld of bekken smiten wurde moasten. It feit dat de *huslotha* ferbûn is mei de Fryske frijheidsideology hat der neffens de auteur ta laat dat de bonkesplinterproseduere yn Westerlauwersk Fryslân sa'n taai libben hân hat.

(oebele vries)

Han Nijdam, 'Hoogtepunt van een genre. Het middeleeuwse boeteregister van Kampa Jeldric, thingmon in Fivelgo'. Yn: Historisch Jaarboek Groningen 2010 (Groningen 2010), 34-55.

It langste fan alle Aldfryske boeteregisters is te finen yn it Fivelgoër hânskrift (F). It is tagelyk it iennichste dêr't ek de namme fan de gearstaller fan bekend is: Kampa Jeldric de *thingmon*. Nijdam is fan betinken dat Kampa net in foarnamme is, om't Jeldric dan yn de genityffoarm stean moatten hie. Hy hâldt it der foar dat *kampa* (letterlik: 'kampfjochter') hjirre de Aldfryske oantsjutting is fan it allinnich út inkel-de Latynske boarnen út ûnder mear Fivelgo bekende begryp *pugil*. Dat wie in kamp-fjochter dy't ek wol as rjochter fungearre. Neffens Nijdam hie Kampa Jeldric ek alles yn him om *skrivere*, d.w.s. beëdige registrator fan ferwûningen, te wêzen. Boppedat wie er dan fansels noch *thingmon*, in funksje dy't wat minder omtinken krijt. Nijdam lit fierders sjen dat Kampa Jeldric net allinnich systeem oanbrocht hat yn syn register, mar dêr ek medyske kennisse yn ferwurke hat.

(oebele vries)

Anne Tjerk Popkema, 'Die Bedeutung des Altfriesischen für die Erforschung des germanischen Rechtswortschatzes und vice versa'. Yn: Andreas Deutsch (útj.), Das Deutsche Rechtswörterbuch. Perspektiven. Heidelberg (2010), Universitätsverlag Winter, 73-90.

Yn 1914 ferskynde de earste ôfleve-

ring fan it *Deutsche Rechtswörterbuch (DRW*). It giet om in mânsk wurdboek, dat sa't it no liket net earder as yn 2035 ôfsletten wurde kinne sil. Dêryn wurde net allinnich de Heech- en de Leechdútske, mar ek de Nederlânske en de Fryske rjochtstaal út de midsieuwen ûntsletten. Popkema stelt fêst dat foaral yn it begjin de Aldfryske boarnen, fansels foarsafier't dy útjûn wienen, goed ekserpeard binne. Om in yndruk te krijen fan de delslach fan de Aldfryske juridyske wurdskat yn de ôfleveringen fan nei 1970, doe't de redaksje ta in nije oanpak oergie, ferliket er de lemma's út it trajekt *kl-* en *kr-* yn it DRW mei dy yn it yn 2008 ferskynde *Altfriesische Handwörterbuch*. Hy komt dan út op sân Aldfryske rjochtswurden dy't wol yn it hânwurdboek foarkomme, mar misse yn it DRW. Popkema syn konklúzje is dat der útgien wurde mei fan in 'ziemlich guten Abdeckung' fan de Aldfryske rjochtswurdskat yn it DRW.

(oebele vries)

Rolf H. Bremmer Jr, 'From alien to familiar: Christ in language and law of medieval Frisia'. Yn: Jitse Dijkstra, Justin Kroesen & Yme Kuiper (útjs.), Myths, Martyrs, and Modernity. Studies in the History of Religions in Honour of Jan N. Bremmer. Leiden / Boston (2010), Brill, 531-552.

Neffens Bremmer wurdt der gauris te min omtinken jûn oan it kristlike aspekt fan de Aldfryske rjochtsteksten. Yn dizze bydrage oan de feestbondel foar syn broer Jan Bremmer besiket er nei te gean hoe en yn hoefier't it kristlik leauwe it libben fan de mids-ieuske Friezen beynfloede hat. Hy docht dat yn it foarste plak troch in ûndersyk nei de oantsjuttingen foar 'Kristus' en 'Hear' yn de âldste Aldfryske rjochtsteksten. Fierders lit er ûnder mear sjen dat der yn wat letter teksten geregeldwei in ferbining lein wurdt tusken it Aldfryske rjocht en God. Ien tekst yn it bysûnder wurdt djipper op yngien, te witten de dingtaal foar it oanbieden fan kompensaasje by deaslach, dêr't boppedat in folsleine Ingelske oersetting fan jûn wurdt. (oebele vries)

Jarich Hoekstra, 'On the impersonal pronoun men in Modern West Frisian', Journal of Comparative Germanic Linguistics 13 (2010), 31-59.

Fan it Fryske ûnpersoanlike foarnamwurd *men* is bekend dat it, yn tsjinstelling ta it Nederlânske *men* en it Dútske *man*, de sprekker ynslút. Dêrmei kin it fierhinne op ien streek set wurde mei it persoanlik foarnamwurd *ik*. Hoekstra meldt hjir ek noch oare apartichheden: Frysk *men* kin beklamme wurde en it hat ek in objektsfoarm, te witten *jin*. De haadfraach yn it artikel is, wat it makket dat *men* dy eigenskippen fertoant. Nei in syktocht yn in oerwâld fan

abstrakte semantyske eigenskippen komt de auteur der úteinliks op út dat it skaaimerk “spesifikens” essinsjeel is om ûnpersoanlike fan persoanlike foarnamwurden te ûnderskieden. Unpersoanlike foarnamwurden kinne yn tal fan talen de sprekker ynslute, mar natuerlikerwize giet it dan om de earste persoan meartal: in bekend foarbyld is it Frânske *on*. Hoekstra hat net in hiel helder idee wêrom oft it yn it Frysk dan om de earste persoan iental giet, mar hy siket it wat yn ‘e Fryske oanstriid ta understatement. Njonken it belang dat dit artikel hat foar de algemiene teory oer foarnamwurden is it foar de frisistyk ek deskriptyf wichtich: tal fan frijwat ûnbekende feiten oer ûnpersoanlike konstruksjes, benammen ek út perifeare dialekten, wurde hjir op in rychje en yn perspektyf set.

(siebren dyk)

Eric Hoekstra, ‘Oer FOLLE en ‘WEINICH’ yn it Nijfrysk en it Midfrysk’, It Beaken 72 (2010), 55-68.

Hoekstra konstatearret dat der yn it Frysk hast gjin gearsettings binne mei *folle* as earste lid. Hy ferklearret dat út in oar singelier feit, te witten dat *folle* yn it Frysk in negatyf-polêr item is. Dy eigenskip komt der op del dat *folle* him by foarkar yn ûntkennende konteksten ophâldt, en soks is binnen de grinzen fan in wurd no ienris ûnmooglik. It is oars wat ûndúdlik hoelang oft dy negative polariteit by *folle* al bestiet. Yn ‘e 19de ieu en yn it Midfrysk komt it wurd noch fakernôch yn alle konteksten foar, mar by immen as Gysbert Japix is it wer opfallend dat dy it sels net iens brûkt by negaasjes, mar inkeld yn polariteitskonteksten as foar komparativen en nei de wurdsjes *sa* en *te*. De auteur wiist der ek op dat it Ingelske synonym *much* ek negatyf-polêr is, en dat it Frysk sels net iens ien wurd hat dat it tsjinstelde fan ‘folle’ oanjout. Yn it artikel steane ek allegearre oanwizings hoe’t de Nederlânske wurden *weinig* en *veel* en gearsettings mei *veel-* as earste lid it handichste yn it Frysk oer te setten binne. (siebren dyk)

Annette van Dijk, ‘”O dom dryst hert, hwet bist rebelsk en wyld”. Over de Friese dichter Douwe Kalma en Hadewijch’, Nieuw Letterkundig Magazijn 28-1 (2010), 22-29.

Annette van Dijk ûndersiket hoe’t Douwe Kalma – ûnder ynfloed fan de Nederlânske literatuerkritikus en dichter Albert Verwey – omgie mei it wurk fan de midsieuske mystika Hadewijch. Kalma publisearre om 1920 hinne benammen yn it JFM-tydskrift *Frisia* in fyftjintal sonnetten ûnder de titel ‘Sangen fen Hadewijch’. Kalma syn werdichting wie bot ôfhinklik fan it kulturele klimaat yn syn eigen tiid, hold amper rekkenskip mei Hadewijch har útwurke mystyk systeem, mar brûkte it benammen om syn eigen ideeën stal te jaan. Hy liet him by syn werdichting ek ynspirearje troch Thomas à Kempis syn *Imitatio Christi* en Dante syn *Divina Comedia.*

(goffe jensma)

US WURK LIX (2010), p. 190

Anne Dykstra & Tanneke Schoonheim (útjs.), Proceedings of the XIV Euralex International Congress (Leeuwarden, 6-10 July 2010). Ljouwert (2010), Fryske Akademy/AFUK.

Begjin july 2010 wie der yn Ljouwert in grut ynternasjonaal leksikografysk kongres. De delslach dêrfan wie fuortdaliks al beskikber, dat wol sizze dat de plenêre lêzings fan it kongres yn har hiele hear en fear yn ‘e kongresbondel útjûn binne, mar dat de oare lêzings it mei in gearfetting dwaan moatte. De folsleine lêzings steane oars as in PDF-bestân op in bylevere CD, dy’t sels op in Apple-kompûter noch te lêzen is. De organisators hiene ek oars each foar minderheden: de leksikografy fan “non-state or lesser used languages” wie op it kongres in spesjaal ûnderwerp. Dêrta wie der yn it foar in skriftlike omfrage holden, dy’t troch Anne Popkema yn ien fan ‘e plenêre lêzings bekommintariearre waard. Syn bydrage “State of the Art of the Lexicography of European lesser used or non-state languages” (pp. 65-98) jout in moai oersjoch fan ‘e stân fan saken. It westerlauwersk Frysk nimt dêrby net allinne kwa sprekkertal in middenposysje yn. Kwa ferskaat oan leksikografyske produkten postueret it net min, mar yn it brûken fan moderne technology bedarret it yn ‘e ûnderste helte fan ‘e ranglist. It is oars opfallend dat de minderheidstalen yn Spanje it hiel goed dogge, wylst dy yn Dútslân (Platdútsk, Noard-Frysk) efterrinne. Popkema tinkt dat dat te krijen hat mei in lege graad oan standerdisearring. Dat kin der ek de oarsaak fan wêze dat Dútslân swak skoart by de twatalige wurdboeken mei de dominante taal as yngong. Sokke wurdboeken binne foar de minderheidstaal oars tige fan belang omdat se fungearje as produksjewurdboek, en dat kin helpe dat der yn dy minderheidstaal wer mear skreaun wurdt.

It sil net fernuverje dat frijwat frisisten yn dizze bondel acte de présence jouwe. Sa yntrodusearret Piter Boersma yn “WFT: the comprehensive Frisian dictionary” it *Wurdboek fan de Fryske Taal* foar in ynternasjonaal publyk, benammen ek út it eachweid wei dat it in grut wurdboek fan in minderheidstaal is. Hy wiist it beheinde boarnemateriaal, de behanneling fan ‘e etymology, it beheinde omtinken foar dialektysk ferskaat en de wize fan behanneljen fan idioom as swakke steden fan it wurdboek oan. Yn “Wurdboek fan de Fryske Taal/ Dictionary of the Frisian language online: new possibilities, new opportunities” kundigje Hindrik Sijens en Katrien Depuydt oan dat datselde WFT troch it beskikber wêzen op it ynternet in twadde libben begjinne kin. Se beskriuwe wat der dien wurde moast om it safier te krijen en wize op ekstra mooglikheden troch de nije wize fan ferskinen.

Piter Duijff giet yn “The language norm in a century of Frisian dictionaries” nei yn hoefier oft Fryske wurdboeken dialektysk ferskaat talitte. It docht bliken dat de lytsere wurdboeken, en dat binne faak ek wurd-

boeken mei in pedagogysk doel, it by ien foarm hâlde. It is oars opfallend dat de mear tolerante wurdboeken net konsekwint binne yn har talittingsbelied. Duijff merkt op dat it talitten fan dialektfoarmen de standerdisearring fan it Frysk yn ‘e wei stiet. Frits van der Kuip nimt de oare diminsje fan taalnoarm op it harspit, te witten it al of net talitten fan ynterferinsjes út ‘e dominante taal. De fraachstelling yn syn artikel “Dictionaries and their influence on language purification in minority languages. The case of Frisian” is yn hoefier oft wurdboeken ynfloed ha kinne op it aktuele taalgebrûk. Hy ûndersiket dêrta fjouwer begripen, trije dêrfan út ‘e wrâld fan gearkomsten. It resultaat rint nochal útinoar. Foar de Nederlânske term *bewust* is troch Douwe Kalma ris it purisme *bewitten* yntrodusearre. Dat hat it nea ta de wurdboeken skoppe kind en is yn ‘e taaldatabanken (njonken dy fan ‘e Fryske Akademy makket Van der Kuip ek gebrûk fan it argyf fan ‘e Ljouwerter Krante) mar eameltsjes fertsjintwurdige. Dêrfoaroer binne purismen as *skathâlder*, *ponghâlder*, *gearkomste* en *wurklist* foargoed trochkrongen yn it (skreaune) Frysk, en dat soe komme kinne omdat se ek yn ‘e wurdboeken opnommen binne.

De taaldatabank wurdt ek brûkt troch Bouke Slofstra en Arjen Versloot. Yn “The Frisian language data base as a tool for semantic research” brûke se frekwinsjeferskillen mei it Nederlânsk om te wizen op in ferskillende betsjuttingsferhâlding tusken it pear *nekke-hals*. It lêste wurd komt yn it Frysk folle mear foar as yn it Nederlânsk, en neffens de auteurs komt dat omdat *hals* yn it Frysk ek brûkt wurdt om it hiele ferbiningsstik tusken holle en romp, en nammers ek de ynhâld dêrfan, oan te tsjutten. Sa’t taaldatabanken en wurdboeken dus wat betsjutte kinne foar de mear teoretyske lingwistyk, sa soe dyselde teoretyske taalkunde ek fan mear betsjutting wêze kinne foar wurdboeken, is Eric Hoekstra syn stelling yn “Grammatical information in dictionaries”. It grutste part fan syn ferhaal giet oer it Nederlânske wurdsje *er*, mar foar it Frysk wiist er ek op ferskynsels as syllabisearring, klitisearring en bynwurdbûging.

(siebren dyk)

Wurdboek fan de Fryske Taal / Woordenboek der Friese Taal online: http://www.inl.nl/nl/woordenboeken/wft

It WFT is no ek op it ynternet te rieplachtsjen. Yn syn hiele hear en fear, ja, soks sels al ear’t it 25ste en lêste diel yn print ferskynd is. En it moaie is: it is ek noch fergees. En wat noch moaier is: de ynternetferzje hat ek noch mear mooglikheden as de papierene. Sa kinne jo hiel maklik trochklikke nei besibbe lemma’s, sjogge jo troch ien klik de folsleine boarnewerjefte en kinne jo bygelyks kieze oft jo steurd wurde wolle troch de werjefte fan sitaten of net. De werjefte is oars ek brûkersfreonliker, meidat der op it skerm net woekere wurde hoecht mei de romte. Sa wur-

de der bygelyks minder ôfkoartings brûkt en is de presintaasje fan it idioom ek helderder, omdat eltse nije útdrukking no op in nije rigel begjint. In fasiliteit dêr't it papier nea en te ninter oan tippe kin, is it sykjen. Net allinne ha jo it lemma flugger opsocht, mar der kin ek socht wurde op 'e besibbe Nederlânske foarm, en boppedat kinne jo maklik sykje bûten it lemma om, bygelyks yn 'e betsjuttingsomskriuwing of de sitaten. It is sels mooglik om de wurdsoarte mei te nimmen yn 'e sykopdracht.

(siebren dyk)

Rynke Douwesz, Languages and language education in Fryslân. The role and position of Frisian in the province of Fryslân and in Frisian education. Leeuwarden/Ljouwert (2010), Mercator / Fryske Akademy (90 siden).

Foar wa't ferlet hat fan in oersjoch fan 'e maatskiplike sitewaasje fan it Frysk, en dan benammen yn it ûnderwiis, is dit in handich boekje. Yn haadstik ien wurdt koart yngien op 'e histoarje fan it Frysk en op 'e taalsitewaasje yn Fryslân. Haadstik twa jout in oersjoch fan it ûnderwiissysteem, fan pjutteboartersplakken oant en mei tertiêr ûnderwiis. Haadstik trije giet neier yn op it taalûnderwiis, it brûken fan ûnderskate talen binnen it ûnderwiis en oer taalhâlding en taalbehearsking fan lju dy't mei it ûnderwiis anneks binne.

(siebren dyk)

Heinrich L. Cox & Jurjen van der Kooi, 'Wellerismen als Reduktionsstufe von Erzähltypen, Erzählungen und Anekdoten in der niederländischen, friesischen und flämischen Überlieferung', Rheinisch-westfälische Zeitschrift für Volkskunde 55 (2010), 61-84.

Yn dit ryk dokumintearre artikel wurdt úthâlden dat "wellerismen", oftewol sei-sprekwurden, fakentiden tebekgeane op folksferhalen, al moat dat begryp breed opfette wurde, en kinne der ek anekdoaten ûnder falle. Ornaris is it ferhaal der earst, mar hiel inkeld liket it sei-sprekwurd de foarrang hân te hawwen. In grut tal sprekwurden hjir wurdt relatearre oan ferhaaltypen sa't dy yn katalogy as dy fan Aarne & Thomson of fan Van der Kooi syn proefskrift rubrisearre binne. De sei-sprekwurden kinne dan sjoen wurde as in soarte fan "clou", as koartst mooglike gearfetting fan it ferhaal. Nijsgjirrich is dat it sprekwurd soms inkeld te begripen is as ek it ferhaal bekend is. Ferdwynt dy kennis, sa't soks benammen by anekdoaten maklik gean kin, dan ferdwynt it sei-sprekwurd ek.

(siebren dyk)